

Redaksjoneel

‘It libben op elk eilân – lit it Malta wêze, Sint Helena of Madeira – streamt yn deftige ferwachting hinne. Dat hat syn skientme en syn ûngemak. Yn alle gefallen, elkenien is sûnder ophâlden dwaande, elk dimpt hiel licht de stim wat en is foar in oar oer in bytsje attinter as op it grutte fêstelân mei de wide jas fan syn wegen en syn ûntkennende frijheid.

De earskulp wurdt finer en krijt in nije rûning.’

Alsa skreau Osip Mandelsjtam yn syn *Reis nei Armenië*. Yn ’e simmer 1930 koed er tahâlde op it eilân yn de Mar fan Sevan, yn it heechlân oarekant de Kaukasus. In eilân midden yn in binnensee is ek Malta, – sij it yn de grutste binnensee fan allegear, op it skarnier fan Europa en Afrika. In fêsting foar de ien, in rêdingsboei foar de oar. En gewoan thús foar wa’t der weikomt.

Wy binne der wiis mei dat wy jo dit temanûmer fan *ensafh* oer Malta presintearje kinne. It lytse Malta is eigensinnich fan taal, en der is yn de eilânrepublyk in nijsgjirrich literêr libben. By ús yn Fryslân kaam de poëzij fan Malta foar it earst ûnder de oandacht troch de jirpelpûden mei fersen, dy’t mei de ‘maltezers’ mei nei it noarden reizge binne. Dat moaie projekt *Poetic Potatoes* hat ús kontakten opsmitten mei Rita Saliba, Leanne Ellul, Antoine Cassar en Adrian Grima, dêr’t wy in protte oan hiene by de gearstalling fan dit nûmer.

Dit is in nûmer wurden mei in soad oersetwurk. Trening foar de earskulp. Mei in eilânferhaal fan Maarten Asscher as ynlieding begjint de ekskurzje by it wurk fan hjoeddeiske Malteeske dichters en skriuwers lâns.

Goeie reis / il-vjaggg it-tajjeb!

André R. Looijenga

Ynhâldsopjefte

4	Redaksjoneel
5-17	Maarten Asscher <i>It Stasjon</i> (oersetting: Jacobus Q. Smink)
18-19	Janneke Spoelstra <i>Typysk</i> <i>Tipiku</i> (oersetting: Rita Saliba)
20-22	Antoine Cassar <i>Fjouwer Rotsen</i> <i>Amstel Hotel</i>
23	Nadia Mifsud <i>stoarm</i>
24-25	Albert Marshall <i>De Keapman fan Atlantis</i> (oersettings: Hein Jaap Hilarides)

- 26 Lomme Schokker
Dêr op Malta
- 27 John Bosma
Leafde yn in jirpelfjild / Imħabba f'għalqa tal-patata (nei Günther Grass)
- 28-29 Mario Azzopardi
Ons springbusgod (oersetting: Hein Jaap Hilarides)
- 30-31 Trevor Scarse
De njirren yn Sultan syn fest
- 32-34 Rita Saliba
Bôle foar de ingels
De pot
Sied (oersettings: Janneke Spoelstra)
- 35 Norbert Bugeja
De sinne sakket op it Andalusyske wetter
- 36-37 Maria Grech Ganado
De Sint-Joaris Passy (oersettings: Hein Jaap Hilarides)
- 38-39 Bouke Slofstra
De talen fan Malta
- 40-42 Simone Inguanez
Fersen foar dyn lege eagen (oersetting: Hein Jaap Hilarides)
- 43 Foppe Venema
Swarte Hoop
- 44-46 Pierre J. Mejlak
Yn de bar fan Livia (oersetting: André Looijenga)
- 47 Margreet de Jong
'Brava, Livia!'
- 48-52 Rita Saliba
De minsken fan 'e wyn (oersetting: Janneke Spoelstra)
- 53 Simone Galea
In dei nei see (oersetting: Hein Jaap Hilarides)
- 54-55 Leanne Ellul
Gram (in fragmint) (oersetting: Hedwig Terpstra)
- 56-58 Adrian Grima
Oeral har foto (oersetting: Hein Jaap Hilarides)
- 59 Rita Saliba

De reizger (oersetting: Hedwig Terpstra)

- 60 Geart Tigchelaar
 allinnich it yngean fan 'e nuddel fielst
- 61-65 Marcel Plaatsman
 Renger: mear as genôch spikers
- 66-71 Willem Tjebbe Oostenbrink
 Oarden
 Aardzje
 Iezer
 Izer
 Stien
 Stien (oersettings: Anja en Rintske de Vries)